

Sinnepanielbedriuw APA fallyt



30 novimber, 2011 - 12:15

De rjochtbank fan Ljouwert hat it sinnepanielbedriuw APA yn Ljouwert fallyt ferklearre. It bedriuw is fjouwer jier lyn út Bleiswijk nei Ljouwert kommen. APA hâldt him dwaande mei it ûntwikkeljen fan goedkeape technyk foar de produksje fan sinnepanielen. De earste peal fan it bedriuw is fjouwer jier lyn slein troch wethâlder Waanders. De ferwachting wie dat sa'n 70 minsken by it bedriuw wurkje koene. De bou fan it fabryk frege in ynvestearring fan 7 miljoen euro. Ien fan de finansiers wie de NOM.

De direksje fan it bedriuw wie net berikber foar kommentaar. Ek de gemeente Ljouwert woe net reagearre op it fallisemint fan it bedriuw.